


Slaan ik myn earms om dy hinne
Tútsje dy op noas en boarsten
Krûp dan as in gummypop
Troch dyn nâle yn dyn liif



Harkje nei dyn sykheljen

Skreppend tsjin de stoarm
Lústerje wy elkoar ús tinzen
Yn de twa pear earen



Rubberpoppen út de autoskooter
Stuiterjend oer oseaanweagen

It ear fan de romte registrearret

(út: Hendrik Beekman (bylden) en Josse de Haan (gedichten; mei oersettingen yn it Nederlânsk, Ingelsk, Spaansk en Frânsk). *As wurden slipe wurde*. Frjentsjer, 2008). Beekman is dit jier útnoege om te eksposearjen op de Biennale yn Florence. Ek de bondel fan him en Josse sil dêr de bylden mei wurden slipe.

Doe't ik de fersen skreau, kaam famke K. my yn 't sin, ik hearde har praten, ik fielde har yn myn hannen, ik seach har stadich dûnsjend op it toaniel yn dy kroech, we botsten yn de skooter wer as gekken tsjin de oare autootsjes - 'ik sal wel sture, as jou my maar met beide armen tegen je aandrukke, en nyt kitele of in myn oar kribele'.

De *rubberpoppen út de autoskooter stuiteren*, ik hie wol *troch har nâle yn har ferdwine wollen*. Nei fyftich jier spylje de merke en it keatsen yn Frjentsjer noch in rol yn myn poëzy, foaral *dat famke mei wite fearren/ mei har glimkes, yn al har dwaan* (Troelstra).

'Must my goed fasthouwe'. Ja, dat haw ik dien, yn myn poëzy bist foar ivich yn wurden beskreaun.

Grutkeatsers smieten eartiids moarns ier en betiid in blom út de krânse op de stoepe fan har faam as se de foarige deis wûn hiene. Dichters slypje wurden lykas yn *As wurden slipe wurde* en beskriuwe sa de muze fan har jeugd - meiske K. in F., aan de Singel by it roaie dorp.

Josse de Haan

Sip Oosterhoff wie syn tiid foarút

'Op Pinkstermoandei gienen wy as fammen te fytsen. Us heit gie mei as fytsmakker, ús mem foar de gesellicheid. Ik wie doe fyftjin jier en der wie ien famke by, dy hie al twa kear in lekke bân hân. De tredde wie yn Raerd en ús heit hie syn nocht fan dy bân, dus hy nei de fytsmakker om in nijenien. De âlders koenen it wol betelje, dat wie it probleem net. Wy as jongfammen moasten skoft hâlde, en it ferjit my nooit wer, oan de oare kant fan de dyk stienen trije opslûpen jonges ús te meunsterjen en ien fan dy jonges wie Sip Oosterhoff. It wie de earste kear dat ik him seach.' Sa sit dy earste moeting Janke Wagenmakers, Sip syn lettere frou, noch yn it ûnthâld.

Sip wie op dy Pinkstermoandei net fier fan hûs, want hy wenne yn Raerd en dêr stie ek syn widze doe't er op 5 july 1913 op de wrâld kaam. Hy wie iennichst bern fan in heit en mem dy't tsien jier skeelden. De heit wie in opfallende ferskinning mei in grut, griisburd, dy't faak rinnend oer de doe noch hast autoleaze diken op 'en paad wie. Hy kaam as riedslid op foar de belangen fan de SDAP. 'In moaie en aimabele man en Sip wie krekt syn heit', sa wit Janke Wagenmakers noch. De mem wie swiersettich en hat gauris opnommen west by de 'Overspannen huisvrouwen'.

Sip Oosterhoff koe wol wat leare en hy bedarre op de "fine kweek" yn Snits, mar makke dy net ôf. Hy kaam op it belestingkantoar terjochte. Ek Janke Wagenmakers koe wol mei de learboeken oerwei en sy reizge fan Littens nei de Mulo yn Ljouwert, School 4.

It wie lykwols net op skoalle dat de twa elkoar moeten. Janke Wagenmakers en har freondinnen wienen op wei nei in dûnsfeest yn De Trije Romers fan Reduzum, mar it kaam wat oars: 'Der wie gjin dûnsjen, dat doe op nei de De Herberch yn itselde plak.' Sa kamen Janke en Sip mei elkoar yn de kunde.

Janke Wagenmakers kaam út in laach fan postrinners. Heit Pieter Wagenmakers wie al postkantoarhâlder yn Littens, wylst dy syn heit as "brievengaarder" troch it libben gie. Heit Pieter fûn Janke in geskikte opfolger as postkantoarhâlder, mar dan moast der earst troude wurde. Dat barde op 26 april 1940 mei Sip Oosterhoff, dy't yn it begjin brijsieder wie yn it fabryk fan Littens. Letter soe er op de administraasje komme.

Oare minsken krigen wolris in ferkearde yndruk fan it houlik. Janke Wagenmakers: 'Wy gienen simmerdeis steefêst op fakânsje nei Skylge. Yn it wykein naam Sip dan de boat foar it keatsen en gauris kaam myn broer dan twa dagen lâns. Dat gie sa in pear kear en doe fernaam ik wol dat de oare minsken wat flústeren en dat gie oer ús. Doe ha 'k in frommeske op de man ôf frege wat der oan de hân wie. De minsken tochten dat ik it stikem mei twa mannen oanlei. Ommers as de iene kaam, wie de oare krekt fuort. Doe't ik sei hoe't it echt siet, krige dat minske sa'n holle fansels.'



Sip Oosterhoff: de hiele man.

Yn 1946 waard Sip Oosterhoff frege as kantoarhâlder, wylst frou Janke yn tsjinst bleau as "lokale kracht". Dat kaam wol goed út, want de húshâlding Oosterhoff hie der in Tineke yn 1942 en in Minke yn 1943 by krigen.

Sip Oosterhoff en Janke Wagenmakers wienen bern mei inselde eftergrûn: in read nêst mei in blau rântsjje. Nea soe Sip yn syn letter libben oanskowe by de rûne tafel, sa't de kroech ek wol neamd waard. Al yn Raerd sette er syn earste pinnestrecken op papier, op

oantrunen fan de PC-winner fan 1934, Marten van der Hem, dy't ek fan Raerd kaam. De earste ferslaggen waarden skreaun foar *Het Vrije Volk*, dat doe ek yn Ljouwert festige wie, en foar de Ljouwerter Krante. Maklik wie de nije korrespondint net, net foar oaren, mar likemin foar himsels. De Ljouwerter waard al gau oan 'e kant set, want der waard tefolle yn de ferslaggen feroare. Janke wit noch hoe't it telefoanpetear tusken har man en it doetiidske HB-lid Harm Wierda fan Doanjum ferrûn: Oosterhoff: 'Wa feroaret dingen yn myn ferslach?' Wierda: 'Dat doch ik.' Oosterhoff: 'Dan ha jo gjin ferstân fan keatsen.' En dat wie it wat dy krante oanbelanget. Yn 1950 kaam Gerrit Aalbers fan de Frjentsjerter Krante mei de fraach oan Oosterhoff om yn 't ferfolch foar dy krante te skriuwen.

Mei de konstatearring dat 'KV Moed en Volharding in het kleine plaatsje Dongjum het niet trof met haar openingswedstrijd' iepene Sip Oosterhoff op 14 maaie 1950 in ferslachjouwerslibben dat oant 1968 duorje soe. Jier yn jier út eltse simmer wer it fêste ritueel fan it skriuwen fan ferslaggen. Altiten mei de hân en it moast op tiid wêze foar de bus op snein fan tsien oere jûns. Foar de sinten hoegde er it net te dwaan. 'Wat sigarejild', neamde er it sels. Yn de begjinjierren reizge er op it fytske de partijen ôf en nea wie er te let. En sa die Sip dochs noch wat Marten van der Hem him yn Raerd ea oanret hie.

Eins wie de krante syn twadde leafde, it leafst wie Sip Oosterhoff dwaande mei de jongerein op it keatsfjild. Har dêr oanwizingen jaan en de âlders koenen ek mar gerêst wêze as er mei de pubers ûnderweis wie, want oan drank kaam er ommers prinsipiël net. Yn Easterlittens trof Sip Oosterhoff it, Tinus en Piet Santema wienen de jongeskeatsers dy't kâns hienen op it Freulegoud.

Piet Santema: 'Wy keatsten op it plein fan Littens en op de hoeke wie it postkantoar. Wy koenen de holle fan Sip krekt boppe it rût útstekken sjen. Hy trainde ús ek yn de gimnestykseal en o wee as wy net dienen wat er sei, dan rûn er fuort en in dei letter hong der in grut stik papier foar it rût dêr't op stie wat wy fout dien hienen. Mar nei in pear dagen wie it altiten oer en trainde er ús wer.'

'Ik hie in jonge wêze moatten', sa seit dochter Tineke no. Tineke gie altiten mei nei de partijen, nei de "zetel" fan in ferslachjouwer fan dy tiid: in boerewein mei in planke derop en in stoel derefter. Ien kear wie der net iens in stoel, allinne in planke en doe staakte Sip Oosterhoff koarte tiid, mei de wurden: 'Dat doch ik net, ik moat wol fatsoenlik skriuwe kinne.'

Ek Cornelis Roersma fan it *Franekeer Nieuwsblad* koe net altiten op in like freonlike keatsferslachjouwer rekkenje. Dat hie syn reden, want de man frege Oosterhoff gauris fan alles oer útslaggen en dat stie de "perfeksjonist" mar min oan. Dan hie Roersma mar earder komme moatten, sa as Sip dat ek die: fan de earste slach ôf.

Dochter Tineke wie yn 1956 sa goed dat Tinus Santema har mei ha woe nei de Freule, mar coach Sip Oosterhoff woe dêr neat fan witte. Syn eigen dochter meinimme soe op foarlûken lykje en dat woe er net ha. 'In jier letter wie ik op in fakânsjekamp fan de PTT yn België. Oh, wat wie ik liik doe't ik hearde dat Littens de Freule wûn hie, en ik wie op fakânsje!!' Foar coach Sip Oosterhoff hat dat krekt ien fan syn moaiste keatsdagen west. Elke omloop belle er troch hoe't it gien wie en doe't de finale wûn wie, koe er neat oars sizze as 'Wûn' en 'Flagge út'.

As ferslachjouwer wie Sip Oosterhoff oeral te sjen, op de twadde klasse, by de jongerein, de skoalbern, en fan alle klassen makke er oersichten, in koarte karakteristyk, mei oan de ein fan it seizoen fan elke spiler it tal punten dat dy behelle hie, ferdielt yn earste, twadde en tredde prizen. Tineke: 'Ik koe al dy keatsers en ik wit noch dat ik in kear tsjin ús heit sei: "Wat slacht dy man, heit." Hy sei doe: "Witst wat se ferkeard dogge? Dat se him sa slaan litte".'

Sip Oosterhoff wie kritysk, fan 1960 ôf liet er him gauris somber oer de sport út. Te min traine, mei te folle wynsels en lapen om de skonken yn it fjild. De regels foar oerrinnen waarden net neikommen en sa hie er noch wol mear noaten. Wylst elts yn de jierren sechstich efter Hotze Schuil oanrûn, wie it allinne Sip Oosterhoff dy't troch de sjarmes fan de Lange hinne seach. De slytplakken by de Harnzer waarden foarsichtich delskreaun, sa't er yn dy earste jierren nei



Underweis nei in keatspartij?

1960 ek krekt seach wat der barre moast mei it keatsen. Dat alles soarge derfoar dat er mei Peet Greydanus en Jan Rodenhuis yn de TC kaam. It wienen foaroanmannen, wêrfan't twa út it ûnderwiis kamen. De keatssport hat in protte oan har te tankjen.

Yn Littens hold Sip him winterdeis ek noch dwaande mei it fuotbal. Ek dêr hie er wol ferstân fan. Elk wykein skreau er grutte fuotbalferslaggen fan trije kantsjes en dy waarden dan trije dagen ophongen. Sels út Baard wei kamen de fuotballers om it ferslach te lêzen. Se woenen witte hoe't se it der yn de eagen

fan Oosterhoff ôfbrocht hienen. Nei trije dagen helle Sip dan de ferslaggen foar it rût wei en dan bedarren de "heldendaden" fan de klup yn it fjoer. As er sneins net op it fjild wie, siet er mei it ear foar de radio it fuotbal te folgjen, want in libben sûnder sport wie foar him net foar te stellen.

Doe't Sip Oosterhoff yn 1968 skreau: 'In ieder geval zijn we blij van onze winterrust te kunnen genieten. Tot volgend jaar', wist er noch net dat it syn lêste wurden wienen as keatsferslachjouwer. Hy soe yn it begjin noch in inkelde kear fan him hearre litte, ûnder mear it *Bondsorgaan Koninklijke Nederlandse Kaats Bond*. Yn maaie 1969 ferhuze er nei Winsum as kantoarhâlder. It keatsen rekke sa ien fan de meast kundige keatsferslachjouwers kwyd. Op 30 jannewaris 1994 ferstoar Sip Oosterhoff nei in slimme sykte. Syn frou Janke Wagenmakers folge him yn de hjerst fan 2008.

Rynk Bosma